



Oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân
Snekertrekweg 1
Postbus 20120
8900 HM Ljouwert

Itens, 5 febrewaris 2010

Underwerp: *Wet Ontwikkelingskansen door Kwaliteit en Educatie* (OKE) en it Frysk

Achte kolleezje,

Mids jannewaris 2010 ferskynde yn ien fan de provinsjale deiblêden in berjocht oer de wet *Ontwikkelingskansen door Kwaliteit en Educatie* (OKE). Neffens dat berjocht hie de gemeente Tytsjerksteradiel ûntdutsen dat neffens de letter fan de wet OKE pjutteboartersplakken dy't inkeld en allinnich it Frysk as fiertaal hawwe, net (mear) tastien wêze soene. It Hollânsk soe de ferplichte fiertaal wurde mei de mooglikheid it Frysk ek ('mede') te brûken yn Frysktalige situaasjes. In juridyske beheining yn ferliking mei de praktyk fan de lêste jierren. En sadwaande in dúdlike efterútging.

Neffens it berjocht hat de gemeente Tytsjerksteradiel dêr oan de Twadde Keamer in brief oer stjoerd. De *Feriening Frysk Underwiis* freget him ôf oft de provinsje as (earst)ferantwurdlike oerheid foar de Fryske Taal om advys frege is oangeande de wet OKE. Nederlânske wetjouwing giet sa foarby oan it taal- en kultuerferskaat yn parten fan ús lân. Yn dit gefal it taalgebiet fan de twadde rykstaal. Soks kin foar it Frysk tige skealike gefolgen hawwe. Op jonge leeftyd krije de Frysktalige bern sadwaande wer minder kânsen om harren memmetaal systematysk út te bouwen en te ferrykjen, wylst se dochs al safolle mei it Hollânsk konfrontearre wurde. De oarstalige bern krije boppedat minder kânsen om harren it Frysk eigen te meitsjen as de minderheidstaal - yn dit gefal it Frysk - op pjutteboartersplakken ek al in 'bywein' driget te wurden.

De FFU soe graach it betinken fan Deputearre Steaten hawwe wolle oer de geast, de letter en de tapassing fan de wet *Ontwikkelingskansen door Kwaliteit en Educatie* yn it foarskoalsk ûnderwiis. En as dat skealike gefolgen foar it Frysk op de Frysktalige pjutteboartersplakken driget te hawwen, wat der dan troch de Provinsje oan dien wurde sil om dat te kearen.

Foar it bestjoer fan de FFU,
mei rju achtinge,

Th. Dykstra, *foarsitter*